

SKRIFTELIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

Fan	:	Tsjerk Bouwhuis - FNP
Datum fan yntsjinjen	:	6-5-2021
Oan	:	<input type="checkbox"/> It kolleezje fan boargemaster en wethâlders
Underwerp	:	Sinnegreide Toppenhuizen
Wize fan beantwurdig	:	<input type="checkbox"/> Skriftlik (binnen 30 dagen)
Datum tuskentiids antwurd (as it fan tapassing is)	:	
Datum beantwurdig	:	

Taljochting:

*Op 28 april hat Powerfield publisearre dat de sinnegreide by Toppenhuzen bouryp makke wurdt. En yndied, op de lokaasje kinne je sjen dat it projekt útein setten is.

**De omjouwingsfergunning leit noch op besjen op it gemeentehûs yn Snits oant 12 maaie en dêrtroch kinne je noch beswier meitsje. En ôfrûne wike hat de ried kundskip nimme kinnen dat Doarpsbelang Toppenhuzen en Twellingea in sjenswize yntsjinne hat.

Op pagina 1 ûnderoan fan de omjouwingsfergunning kinne we lêze. *Let op: Met de uitvoering van het project mag worden gestart nadat de vereiste omgevingsvergunning verleend is en geen voorlopige voorziening is aangevraagd..*

Je soenen sizze dat dizze sin net in soad betizing opleverje kin..

***De FNP fraksje hat grutte soargen by de sinnegreide by Toppenhuzen omdat de inisjatyfnimmer yn 2018 in grutte boete fan de AFM krigen hat. Is it dan foar ynwenners fan Top en Twel dan wol fertroud om mei dizze inisjatyfnimmer yn see te gean troch obliigaasje te keapjen?

Boarne:

*[Zonnepark Oppenhuizen bouwrijp gemaakt](#)

**[Gemeentebld 2021, 99201](#)

***[AFM](#)

It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beantwurdzjen:

1.	Is it kolleezje it mei de FNP fraksje iens dat dit projekt mei bysûnder oanrin, de sinnegreide by Toppenhuzen net útein sette mei sûnder dat der de byhearrende omjouwingsfergunning by ferliend is?
	Antwurd: De ûntwerp-omjouwingsfergunning dy't op besjen lein is, sjocht allinnich op in wiziging nei oanlieding fan de Bibob-foarskriften. Wy hiene dit better útlizze moatten, want no is de yndruk ûntstien dat de folsleine fergunning wer yn besprek lei. Dat is in fersin. De fergunning stie al earder fêst.
2.	Sil it kolleeze ek stappen nimme tsjin de inisjatyfnimmer foar dizze falske start? Sa ja, hokker stappen binne hjir gebrûklik? Sa nee, werom net?
	Antwurd: Nei oanlieding fan de stelde fragen hat der kontakt west fan de gemeente mei de fergunninghâlder. Dy hat besletten om it wurk út te stellen. Wilens hat de fergunninghâlder it wurk wer oppakt. Hy mei dit ek dwaan, want hy beskikt oer in fêststelde omjouwingsfergunning. De wizige omjouwingsfergunning sjocht allinnich op ekstra foarskriften nei oanlieding fan it Bibob-ûndersyk (en net op boukundige aspekten).

Tuskenantwort (as it fan tapassing is):